

**Oan de leden fan de *Feriening Frysk Underwiis***

→ 100330

Itens, 1 april 2010

*Underwerp*: jiergearkomste 2010

Achte leden,

Yn 2009 hat it bestjoer de jiergearkomste keppele oan it Tomke-sympoasium (4 novimber op 'e Jouwer). Hoewol't dy datum noch net sa fier efter ús leit, noeget it bestjoer de leden fan 't jier út foar it bywenjen fan in gearkomste organisearre troch it *Pedagogysk Wurkferbân* fan de *Fryske Akademy* en wol op **woansdeitemiddei 21 april 2010 yn It Aljemint (Doelestrjitte 8) te Ljouwert**. De tagong is fergees.

Besprutsen wurdt in wichtich tema, nammentlik de kwaliteit fan it ûnderwiis en dan mear spesifyk de rol fan de ûnderwiisynspeksje yn dat proses. Omdat it ryksregear alle war docht om de risseltaten foar *taal* (bedoeld wurdt it Hollânsk) en rekkenjen te ferbetterjen, hat de ynspeksje de taak om dy risseltaten te kontrolearjen en te mjitten en ek buorkundich te meitsjen. Der is net folle fantasije foar nedich om te begripen dat skoallen besykje om in goede beoardieling te krijen en sadwaande it wurkjen oan it ferbetterjen fan it ûnderwiis yn it Frysk op 'e lange baan skowe. Oan 'e oare kant soe no krekt de ynspeksje mear omtinken foar de ûnderwiisrisseltaten yn it Frysk hawwe moatte, sadat it Frysk in mear gewoan en fanselssprekkend plak yn 'e skoallen krije kin. In dilemma dus wat de rol en de wurkwize fan de ynspeksje oanbelanget.

Sprekkers binne wittenskipper dr. Klinkenberg fan de FA oer it mjitten fan ûnderwiisrisseltaten en basisskoalldirekteur Godlieb út Nieuwe Pekela oer de skealike kanten fan dy mjitterij, it saneamde 'ôfrekkenjen' fan skoallen.

Neffens it *FFU*-bestjoer in wichtich tema, omdat it Frysk sadwaande fan Ryk en ynspeksje gjin kânsen kriget, nettsjinsteande de wetlike regels foar ús taal yn it ûnderwiis.

Foarôfgeand hâlde wy ús *FFU*-jiergearkomste yn ien fan de lytse sealen fan *It Aljemint*.

**It programma op 21 april sjocht der dan sa út:**13.15 oere: *húshâldlike FFU-gearkomste (jiergearkomste)*:

- wolkom
- ferslach jiergearkomste fan 4 nov. 2009
- jierferslach 2009
- finansjeel oersjoch 2009
- omfreegjen en sluten

14.00-16.30 oere: *tema-gearkomste Pedagogysk Wurkferbân* oer de kwaliteit fan it ûnderwiis en de rol fan de ynspeksje:

- *Meten is weten?*, troch dr. E. Klinkenberg (FA)
- *De weging gewogen*, troch H. Godlieb (dir. basisskoalle 'De Linde')
- diskusje
- ôfsluting mei in hapke en in drankje

De ponghâlder soe foar it jier 2010 de kontribúsje barre wolle:

- a. **De bydrage foar 2010 fan €10** (wat mear is ek tige wolkom) graach oermeitsje op banknûmer **23.56.038** op namme fan: **skathâlder FFU, dhr. E. Knotter, De Sweach/Beetsterzwaag**.
- b. As jo de kontribúsje foar *eardere* jierren noch net oermakke hawwe, dan dat ek noch graach ynoarder meitsje.

**Us tank!**

Jo kontribúsje oer de jierren 2007/2008/2009 hawwe wy al / noch net krige.

Bedrach € .....

De ponghâlder

Mei freonlike groetnisse en oant sjen op 21 april.

Th. Dykstra,  
*foarsitter FFU*

*Taheakke:*

- ferslach jiergearkomste 4 nov. 2009
- jierferslach 2009
- finansjeel ferslach 2009